

Kearpunt

...no't de skimer falt...

Kening Sinne, rôze wangige, deis' soevereine goudstik,
do rekket my, en myn hûd wurdt in hoarnflues,
myn rêchbonke in optyske senuw, en myn lichem trillet
heal ferbjustere troch de poel fan gloed dy'tsto útjtitst
oer dizze see en stêd, en ik bin ferblinde.

Hjir stienen ea rigen – en noch wit ik dat se stean –
fan hûzen en strjitten, dy't by in oare stêd hearre,
net dizze dy'tsto folslein feroare hast.

Wy rinne by de kade del. De nacht
fiskers' boaten binne ree om der op út,
motors puffe, paraffinelampen yn 'e boegen,
en de hiele stêd is der út foar de promenade,
steltsjes earm yn earm, en jonge keardels paradedearjend,
memmen en heiten, bern dy't in ijsko ite,
âlde manlju dy't tasjogge fanôf taffeltsjes op kafeeterraskes,
en de skimerjende heuvels bewege tichteby, as nuete bisten.

Swiete jûne himmelgloed, spraat oer heuvels en baai,
dyn earm skampt mynes, as wie it troch ûngelok,
as de lichte oanrekking fan dizze jonge frou dy't neist my rint
mei stevige heupen, lytse stapkes en wiggeljende pas,
gitswart hier strak nei achteren, delikate hals en skouders
brún troch djippe simmer, en har oliifbrune eagen laitsjend.
Ik drink dy, glinsterjend ljocht, as wyn, as muzyk,
lykas har foarâlden tûzenen jierren lyn dy dronken ha.

Poreuze stêd, har namme is *Eleftheria*,
en ek al binne dyn groeden grize spikkels yn har eagen,
noch, op dit oere wannear't it ljocht en de krommingen fan it ljocht
subtyl yn har gesicht boartsje as petear of liet,
har âld rjocht is it om dizze kade op en del te rinnen
as ynstrumint en bewaker fan dyn ljocht,
dat sy sammelet yn de boarnen fan har djippe pupillen,
en fan har is de leave frijheid, dy as in dânsar te betrêden.

Leave jûne, ljocht tûzenen jierren âld,
sjonger mei heldere strôt, prachtich as dizze frou,
hoe kin ik net de graasje bewûnderje dêr'tsto
dizze stêd en har minsken yn fangst, in mal dy't
alles dat it oanrekke byldhout, de hiele wrâld?
Ik bin dyn slaaf wurden, en oars wol dyn bewenner.
En mei in toarst om dy hielendal op te drinken, soe ik
eltse poarje folle wolle mei dyn strieling, har frijheid.

Richard Berengarten

Oerset troch / translated by Tsead Bruinja

interLitQ.org